

Midsimmerjûn, 18 juny 2016, Idzegea

as flechtlingen út rein en wyn  
skeind mar net brutsen  
kamen we oan  
by de fredige Idzegeaster poel  
wêr't it libben begroeven leit  
wêr't de kij om hinne rinne

wiet fan swit en rein  
sloarpjend oan kofje en tee  
noflik sittend  
op wat komme soe

skoandere klanken kamen  
oer ús hinne te lizzen  
as in waarm bêd  
yn'e himel  
wylst skôgjend yn't fiere grien  
oergeand yn't hege griis

dan stimmen tichteby  
oer de djipte fan't libben  
oer fertriet en blydskip  
it wûnder  
fan in oare kant beskôge

we nimme't allegearre mei  
yn ús tinzen  
yn ús hert  
de wrâld is feroare

MF